

Faksin yn it koart foar **Comirnaty (Pfizer/BioNTech) tsjin COVID-19**

Wêr is dit faksin foar?

Dit faksin beskermet jo tsjin it koroanafirus (SARS-CoV-2). As jo besmet reitsje mei dat firus kinne jo lêst krije fan klachten. Lykas koarts, hoastje, pine yn 'e kiel, in dripnoas en ferlies fan rook en smaak. Jo kinne ek lêst krije fan slimme klachten. Lykas benaudens en in longûntstekking. Guon minsken stjerre oan it koroanafirus.

Jo krije dit faksin om foar te kommen dat jo siik wurde troch it koroanafirus.

Hoe wurket dit faksin?



As jo nei de faksinaasje yn kontakt komme mei it koroanafirus, dan werkt jo liif dat firus. Jo liif hat dan al antystoffen oanmakke dy't jo beskermje tsjin dat firus. Dêrtroch wurde jo net siik of folle minder siik.

Jo hawwe **2 faksinaasjes** nedich om goed beskerme te wêzen tsjin it koroanafirus. Fan 7 dagen nei de twadde faksinaasje ôf binne jo beskerme tsjin it koroanafirus.

Wannear krij ik dit faksin?

Jo kinne dizze faksinaasje krije as jo 12 jier of âlder binne. De Ryksoerheid bepaalt wa't in útnûging krijt foar dit faksin.



Jo krije dit faksin **2 kear**. Jo krije de twadde prik op syn minst 3 wiken nei de earste prik.



Jo krije de prik yn de boppe-earm.

Jo kinne in tredde prik krije as:

Jo ôfwar tige min wurket. Ôfwar soarget foar beskerming tsjin syktes. Jo krije dy tredde faksinaasje op syn minst 4 wike nei de twadde faksinaasje. Jo krije dêr in útnûging foar fan jo dokter.

Jo kinne in bûsterprik krije as:

Jo binnen de doelgroep falle dy't oan bar is foar in bûsterprik. De Ryksoerheid advisearret dat jo dy minimaal 3 moannen nei jo lêste prik krije of as it 3 moannen lyn is dat jo mooglik in koroanabesmetting hân ha.

Hoe is dit faksin goedkard?

- Der is in protte ûndersyk dien nei de feilichheid en wurksumens fan dit faksin. Dy ûndersiken binne no tagelyk útfierd, yn stee fan nei inoar. Dat skeelt in soad tiid.
- De resultaten fan dy ûndersiken binne fuortdaliks beoardiele. Der binne gjin wichtige stappen oerslein.

Tink derom!



Jo meie autoride as jo dit faksin hân ha. Ryd gjin auto as jo lêst hawwe fan bywurkingen lykas wurgens.



Binne jo yn ferwachting? Neffens it RIVM kinne jo jo feilich faksinearje litte.

Wichtichste warskôgingen

Freegje oan jo dokter oft jo dit faksin krije meie as jo:

- Earder in slimme **allergyske reaksje** hân hawwe op in faksin.

It RIVM advisearret om in nije ôfspraak te meitsjen as jo:

- **Slim siik** binne of **hege koarts** hawwe foar't jo de faksinaasje krije.
- COVID-19 hawwe. Of as jo mooglik COVID-19 hawwe.
- De ôfspraak **mist** hawwe.

Jo hawwe in tige lytse kâns op in ûntstekking fan jo hertspier of jo hertsekje. As dat bart, is dat meastentiids binnen 2 wiken. Dat bart faker nei de twadde faksinaasje en faker by jongemannen. **Nim dêrom fuortdaliks kontakt op mei jo dokter** as jo nei de faksinaasje lêst krije fan:

- Pine op it boarst.
- Net goed sykhelje kinne.
- Hertkloppingen.

Wichtichste bywurkingen

Krekt as by oare faksins kinne jo lêst krije fan bywurkingen. Dat komt om't it faksin derfoar soarget dat de ôfwar fan jo lichem begjint te wurkjen. Ôfwar soarget foar beskerming tsjin it koroanafirus.

Mear as 1 op de 10 persoanen krijt lêst fan in bywurking lykas:

- Pine op it plak fan de prik.
- It plak fan de prik wurdt tsjok.
- Wurgens.
- Pineholle.
- Spierpine.
- Kâlde rillingen.
- Pine yn gewrichten.
- Koarts.
- Diarree.

Dy bywurkingen duorje meastal 1 oant 3 dagen.

In slimme bywurking dy't mar hiel inkeld foarkomt is in ûntstekking fan jo hertspier of fan jo hertsekje.

Mear witte?

Hawwe jo fragen of twivels oer faksinearjen? Lis dan oer mei jo dokter of apteker.

Sjoch foar de offisjele bysluter fan dit faksin op [geneesmiddeleninformatiebank.nl](https://www.geneesmiddeleninformatiebank.nl). Gean foar mear ynformaasje nei [coronavaccinatie.nl](https://www.coronavaccinatie.nl).

Wolle jo in bywurking melde of dêr mear oer witte? Dat kin op [lareb.nl](https://www.lareb.nl).